

It geheim fan Lord Jim

Kolofon

ISBN: 978 90 8954 979 2

1e printinge 2017

© 1900 Joseph Conrad

© 2017 Fryske oersetting: Geart fan der Mear

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

Til: 058 - 289 48 57

www.elikser.nl


Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Utjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch:

Stichting Kristlik Frysk Folksboek

Douwe Kalmastifting

Provinsje Fryslân

provinsje fryslân
provincie fryslân 

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de oersetter en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

It geheim fan Lord Jim

Joseph Conrad

Oersetting Geart fan der Mear



Oer de skriuwer

Joseph Conrad (1857-1924) kaam te wrâld as Józef Teodor Konrad Korzeniowski yn wat hjoed-de-dei Oekraïne is (Poalen bestie doe net as ûnôfhinklik lân). Op syn sechtjinde gong de jonge Conrad nei Marseille, min ofte mear yn ballingskip, en hij meunstere dêr oan as matroas. Sa'n fiif jier letter stapte er oer nei de Ingelse keapfardij, dêr't er it úteinlik ta kaptein brocht.

Hoewol't it Poals syn memmetaal wie, en hij foaral yn it begjin better Frâns as Ingels koe (der waard yn syn famylje fan lege adel ek Frâns praat), begûn er toch, yn 1895, nei ûntslach nommen te hawwen, romans yn dy lêste taal te skriuwen – en hoe! Syn Ingels is fan in bûtengewoane skjintme en beskriuwend fermogen. It is ek net tafallich dat Conrad, dy't it libben yn Ingelân pas op lettere leeftyd fan tichtbij kennen learde, suver al syn romans en ferhalen op see pleatste of yn oare lannen.

Syn bekendst wurk yn Nederlân is grif *Heart of darkness* (1899), ek ferfilme; in flymskerpe feroardeling en analyze fan rasisme en kolonialisme. *Nostromo. A tale of the seaboard* (1904) is wol syn meast yndrukwekkend en ambisjeus boek. De taal is fantastys en de analyze fan de korrumpereande ynfloed fan de sulvermyn (= jild) op minsken dêr't yn it begjin neat mis mei wie, yn in fiktyf Súd-Amerikaans lân, en de dêrtroch ûntstiene iensumheid fan inkelde haadpersoanen is ûnferjitlik. Foar mij is de Poal Joseph Conrad de grutste skriuwer yn de Ingelse taal om 1900 hinne.

HAADSTIK 1

Hij wie krapoan seis foet lang, stevich fan postuer, en hij rûn rjucht op jo ôf, mei de skouders en de holle wat nei foaren, jo fan ûnder syn wynbrauwen strak oansjend, wat jo tinke liet oan in bolle dy't op jo ôfstowe koe. Hij hie in swiere stim, en út syn hele dwaan spriek in soarte fan stiifkoppige selsbewustens, dy't lykwols neat agressyfs yn him hie. Dêr like er ferlet fan te hawwen, en dat wie blykber likefolle op himsels rjuchte as op oaren. Hij wie o sa netsjes klaaid, yn smetloas wyt, fan de skuon oan de pet ta, en wie o sa populêr yn de ferskillende havenstêden yn it oasten dêr't er de kost fertsjinne as 'parlefinker'.

In parlefinker hoeft gjin eksamen ôf te lizzen yn wat dan ek, mar hij moat Feardigens yn it abstrakte hawwe, en dat yn de praktyk toane kinne. Syn wurk bestiet derút om silend, roeiend of op in stoomboatsje bij in skip dat op it punt stiet it anker falle te litten oaren te fluch ôf te wêzen, de kaptein fleurich te begroetsjen, him in kaartsje yn hannen te triuwen – fan de havenwinkel – en him dan op de fêste wâl fuort beret, mar sûnder al te folle fertoan, mei te fieren nei in ûnbidige, grotachtige winkel, dy't oan 'e kop ta folloege is mei fan alles wat oan board fan in skip iten en dronken wurdt; dêr't jo fan alles krije kinne wat har seewardich en kreas en netsjes makket, fan in stel kettingheakken foar de kabel oant blêdgoud foar de skulptueren op de achtersteven, en dêr't de kaptein troch de winkelman, dy't er noch noait sjoen hat, as in broer ûntfongen wurdt. Dêr treft er in koele sitkeamer oan, maklike stuollen, drankflessen, sigaren, skriuwerk, in eksimplaar fan de havenregleminten, en in waarm wolkom dat it sâlt fan trije moanne op see út it hart fan in seeman weispielt.

De bân dy't sa oangien is, wurdt troch de deistige besites fan de parlefinker ûnderhouden salang't it skip yn de haven leit. Hij is de kaptein trou as in freon en is attint as in soan, mei it geduld fan in Job, de ûnselssuchtige tawijing fan in frou, en de joalichheid fan in âld kammeraad. Letter wurdt dan de rekken stjoerd. It is in prachtich en minsklik berop. Om dy reden binne goede parlefinkers net maklik te krijen. As in parlefinker mei Feardigens yn it abstrakte dan ek noch it foardeel hat fan in oplieding ta seeman, dan is er foar syn wurkjouwer in soad jild wurdich en kin it wat lije. Jim hie altyd in goed lean hân en safolle frijheid krigen dat sels de grutste idioat syn wurkjouwers wol

trou bleaun wie. Mar toch sei hij geregeld mei de grutste ûntankberheid hommels syn baan op en fuort wie er wer. Foar syn wurkjouwers wienen de redenen dy't er dêrfoar joech dúdlik ûnfoldwaande. Se seinen fan 'Stomme idioat' sa gau't er him omdraaid hie. Dat wie har krityk op syn hypergefoelichheid.

Foar de blanken yn de havenhandel en de skipskapteins wie er gewoan Jim – mear net. Hij hie fansels wol in achternamme, mar dy woe er beslist net hearre. Syn inkognito, dat like lek as in gatsjepanne wie, wie net bedoeld om in persoan wei te moffeljen, mar in feit. As dat feit troch syn inkognito hinne begûn te skinen, dan plichte er fuort de haven te ferlitten dêr't er op dat stuit tafallich wie, om meastal út te naaien mear nei it oasten ta. Hij bleau yn havens omdat er in seeman yn ballingskip wie, en Feardigens yn it abstrakte hie, wat inkeld goed wie foar in parlefinker. Hij loek him werom yn de rjuchting fan de opgeande sinne en dat feit folge him, min of mear tafallich, mar wol ûnûntkomber. Sa stie er yn de rin fan de jierren suksessyflik bekend yn Bombay, Kalkutta, Rangoon, Penang, en Batavia – en yn elk fan dy tydlike plakken wie er gewoan Jim, de parlefinker. Letter, doe't syn skerpe waarnimming fan it Unûntkombere him foargoed út havens en it selskip fan blanken fuortjage hie, sels nei it ûngerepte oerwâld, foegen de Maleiers fan it jungledoarp dat er keazen hie om syn betreurensweardige eigenskip yn te ferskûljen, ien wurd ta oan dat iene wurdlied fan syn inkognito. Se neamden him Toean Jim, om samar te sizzen: Lord Jim.

Hij wie opgroeid yn in pastorij. In protte kommandeurs fan prima keapfardijskippen komme út dy oarden fan fromheid en freedsumens. Jim syn heit besiet de wisse kennis fan it Unkenbere, dy't de lju yn lytse klintsjes ta rjuchtfeardigen makke sûnder de gemoedsrêst te ferstoaren fan de lju dy't fan in ûnfeilbere Foarsjennichheid yn hearehuzen wenje meie. It tsjerkje op in heuvel wie sa griis as in rots, sjoen troch in raffelich gerdyn fan beamlêden hinne. It hie dêr al iuwenlang stien, mar de beammen dêr omhinne wisten grif noch wol fan it lizzen fan de earste stien. Dêrûnder glânzge mei in waarme tint de reade gevel fan de pastorij mids gersfjildsjes, blombêden, en spjirren, mei in appelhûf oan de achterkant, in bestrjitte hynstestâl links, en it skean ôfrinnend glês fan broeikassen tsjin in bakstiennen muorre oan. Dat dominysplak hie al generaasjes lang fan de famylje west, mar Jim wie ien fan fiif soannen, en doe't nei in fakânsje mei wat lichte lektuer syn ropping foar de see him oppenearre hie, wie er fuortdaalk útstjoerd nei in opleidingskip foar offisieren yn de keapfardij.

Hij hie dêr wat trigonometry leard, en hoe't er oer de bramra rinne koe. De minsken mochten him oer it algemien wol lije. Hij wie tredde bij de navigaasje en earste roeier yn de sloep. Omdat er in rêstich persoan wie mei in poerbêste sûnens, wie er yn it want o sa handich. Syn plak wie op de fokkemars, en gauris seach er fan dêrútwei, mei de minachting fan in man dy't foarbestimd wie om midden tusken gefaren te skitterjen, del op de fredige mannichte dakken dy't troch de brune rivier midstwa snijd waard, wylst fierderop achter de bebouwing de fabryksskoarstiennen steil rjuchtop tsjin in snûsterige loft omheechstieken, elk smel as in potlead en riik útspuiend as in fulkaan. Hij seach de grutte skippen fuortfaren, en de brede fearboaten dy't allegeduerich hinne en wer foeren, de boatsjes dy't dêr fier ûnder syn fuotten dreauwen, mei yn de fierte de dizige pracht fan de see, en de hoop op in opwinend libben yn de wrâld fan it aventoer.

Op it ûnderdek wie er yn it babel fan twahûndert stimmen faak wat ôfwêzich, en bedarre yn syn fantasy al yn it seelibben fan de lichte lektuer. Hij ferbylde himsels as de rêder fan minsken op sinkende skippen, as ien dy't yn in orkaan elke mêst ôfkapte, of mei in tou troch de branning swom; of as in iensume skipbrekkeling, op bleate fuotten en healneaken oer keale riffen rinnend, op syk nei skaaldieren om net fan de hunger te krepearen. Hij stie tsjinoer wylden op tropise strannen, ûnderdrukte muiterijen op iepen see, en hold bij wanhopige manlju yn in lyts boatsje de moed deryn – altyd in foarbyld fan tawijing oan de plicht, en like drystmoedich as de held yn in boek.

‘Der is wat te rêden. Kom, jong.’

Hij spatte oerein. De jonges stoden al manmachtich bij de ljedders op. Dêrboppe wie in grut hinne en wer gedraaf te hearren en lûd gerop, en doe't er troch it lûk omheechklommen wie, stie er stokstil – as ferbjustere. It wie in lette winterdei. De hurde wyn hie sûnt de middei oanhelle, sadat der op de rivier net mear fearn waard, en waaide no yn riterige wynpûsten mei in gebolder as fan swiere kanûnen op de oseaan mei orkaankracht. It reinwetter snjitte yn stjalperige fleagen omleech en tusken dy fleagen yn waard er driigjende tafrielen gewaar fan it woeste opkommend tij, de hinne en wer slingerjende boatsjes bij de kust, de bewegingsloaze gebouwen yn de warreljende dizzen, de fûl oan it anker hoartende brede fearboaten, en de op-en-deljende wyld besproeide mânske oanlisplakken. De folgjende wynpûst like dat allegear wer út te wiskjen. It wetter stode him om de holle. Dy stoarm hie wat grouliks yn it sin, it wie it gieren fan dy wyn op in furieuze manier tinken, ierde en

loft gongen op in razende manier tekear, as wie dat foar him bedoeld, sadat er fol ûntsach de siken ynhold. Hij stie stil. It like him as waard er yn de rûnte gisele.

Der waard tsjin him oanhompt. ‘De sloep yn!’ Jonges stoden him foarbij. In kustfaarder dy’t ljite socht hie, wie tsjin in skoener dy’t foar anker lei oanbotst, en ien fan de ynstrukteurs hie dat ûngelok sjoen. In stel jonges kladdere oer de reling en stie om de davits hinne. ‘Oanfaring. Krekt foar ús. Menear Symons hat dat sjoen.’ In fûle dúst liet him tsjin de bezaanmêst wankelje en hij griep in tou fêst. It âlde ferankere opliedingsskip trille fan foaren nei achteren, mei de kop wat yn de wyn, en gûnze mei har sober want mei in djippe basstim it azemloaze liet fan har jonge jierren op see.

‘Sakje mar!’

Hij seach hoe’t de sloep, no bemanne, fluch ûnder de reling weisakke, en hij stode dêrhinne. Hij hearde wetter opspatten. ‘Los mar. Touwen los!’ Hij hong oer de reling hinne. De rivier nêst it skip wie ien siedende massa skomoerdutsen weagens. De sloep wie yn it fallende tsjuster even yn de greep fan it tij en de wyn, dy’t him in skoftke tsjinkearden, en nêst it skip op en del smieten. Hij hearde faach in stim balten: ‘Lykop roeie, jim jonge apen, as jimme ien rêde wolle. Lykop roeie!’ En ynienen skeat de boech omheech, en troch de rymslach strûpte de sloep oer in weach hinne, de betovering fan de wyn en it tij brekkend.

Jim fielde in stevige hângreep op syn skouder. ‘Te let, jongkeardel.’ De kaptein fan it skip hold de jonge tsjin, dy’t op it punt stien hie om oerboard te springen, en Jim seach him oan mei it pynlik besef dat er tekoartsketten wie. De kaptein glimke meifielend. ‘Oare kear better. Dit sil dij wol leare om better op dyn slach te passen.’

Der waard skril ‘hoera!’ roppen nei de sloep, dy’t heal fol wetter stampend weromkaam, en wêryn’t twa deawurge manlju op de bûkdelling hinne en wer rôlen. It geraas en de driging fan de wyn en de see liken Jim no neat om it liif te hawwen, wat de spyt om syn ûntsach foar har krachtloaze driging noch fergrutte. No wist er wat er dêrfan tinke moast. It like him ta dat dy stoarm him neat dien hie. Hij soe bêst gruttere gefaren oankinne. Dat soe er ek dwaan – better as oaren. Hij hie gjin grisseltsje bangens mear oer. Toch siet er dy jûns wat apart fan de oaren te prakkesearen, wylst de boechroeier fan de sloep – in jonge mei in famkesachtich gesicht en grutte grize eagen – de held fan it ûnderdek wie. Om him hinne stienen jonges dy’t fan alles witte woenen.

Hij fertelde: 'Ik seach syn holle op en del bewegen, en ik ha doe gau de boatsheak yn it wetter stutsen. Dy heakke yn syn broek en ik trûzele doe sels suver hast oerboard, mar de âlde Symons liet gau it roer los en hat mij bij de skonken fêstgrepen, wylst de boat hast ûnderstrûpte. Dy âld Symons is in prachtkeardel. It is wat in brompot, mar dat let neat. Hij siet de hele tiid tsjin mij te flokken, doe't er mij sa bij de skonk beethold, mar dat wie allinne mar syn manier fan sizzen dat ik dy heak net slûpe litte moast. Dy âld Symons is ôfgrysluk gau oerémis, fine jim ek net? Nee – net dy lytse mei dat ljochte hier – dy oare, dy grutte mei dat burd. Doe't we him binnenboard skuorden, kreunde er fan "Och, myn skonk! Och, myn skonk!" en dan draaide er mei de eagen. Dat sa'n grutte keardel flaufalle kin troch in pjukje mei de boatsheak. Soenen jim dat dwaan? Ik net. Dy is mar sa'n eintsje syn skonk yngien.' En hij liet de boatsheak sjen, spesjaal foar dat doel nei ûnderen meinommen, wat foar in sensasje soarge hie. 'Nee, suffert! Dy hat him net oan it fleis fêstholden – oan syn broek. Wol in soad bloed, fansels.'

Jim fûn dat mar wat in earmoedich fertoean fan idelheid. Dy stoarm hie in heldhaftichheid oantrune dy't like ûnecht wie as de eigen sabeare ferskrikking dêrfan. Hij wie lilik op it ûnminsklik gebear fan ierde en loft, omdat dat him oer it mad kommen wie, en sa op in ûnearlike manier foarkommen hie dat er him edelmoedich yn uterst gefaar stoarte kinnen hie. Fierder wie er suver bliid dat er net yn dy sloep sprongen wie, omdat in ûnbetsjuttender prestaasje genôch west hie. Hij hie syn kennis mear fergrutte as dy oaren dy't dat karwei opknapt hienen. As iderien ergens foar omlizzen gean soe, dan – wist er seker – soe *hij* allinnich wol witte wat er mei dy sabeare driging fan wyn en hege weagens dwaan moast. Hij wist wol wat er dêrfan fine moast. Objektyf besjoen like soks ferachtlik. Hij koe gjin spoar fan emoasje bij himsels ûntdekke, en it úteinlik resultaat fan in skokkend foarfal wie dat er him, sûnder op te fallen en wat apart fan in lawaaierich stel jonges sittend, ferlustige yn in nije wissichheid fan sin oan aventoer, en in gefoel fan alsidige dapperheid.

HAADSTIK 2

Nei in oplieding fan twa jier wie er seeman wurden, en ienkear yn dy omstandichheden dy't er yn syn ferbylding sa goed koe, ûntdiek er dat dêr suver neat te belibjen foel. Hij makke in soad reizen. Hij learde de magise ientoanichheid kennen fan it bestean tusken loft en wetter: hij moast de krytyk ferneare fan de minsken, de easken fan de see, en de prozaïse strange needsaak fan it deistich wurk dat jo brea ferskaft – mar wêrfan't de iennige beleaning de folsleine leafde foar it wurk is. Dy beleaning seach er net. Toch koe er net werom, want der is neat dat jo mear yn de besnijing nimt, mear teleurstelt, en mear ferslaavjend is as it libben op see. Dêr kaam noch bij dat syn foarútsichten goed wienen. Hij wie hofflik, evenredich, meigeand, en ferstie syn wurk út de pin. En nei ferrin fan tiid waard er noch frij jong earste sturman fan in treflik skip, sûnder oait op de proef steld west te hawwen troch dy wederwaardichheden op see dy't it deiljocht skine litte oer wat in man no echt wurdich is, oer hoe't er himsels yn 'e macht hat, en oer de kracht fan syn karakter; dy't syn fearkracht toane en wat syn pretinsjes no echt wurdich binne, net inkeld foar oaren, mar ek foar himsels.

Mar ien kear yn dy hele tiid heinde er wer in glimp op fan de earnst yn de lilken fan de see. Dy wierheid wurdt net sa faak iepenbiere as de minsken wol leauwe wolle. Der sitte in heel soad nuânses yn it gefaar fan aventoeren en stoarmen, en mar uterst selden ferskynt der op it gesicht fan dy feiten in sinister blyk fan kweawillich bedoeld geweld – dat ûndefinieerbare dat him optwingt oan de geast en it hart fan in minske, en dat dy tizeboel fan ûngelokken of elemintêre razernij mei in kwea-aardige bedoeling op him ôfkomme lit, mei in ûnbehearskbere kracht, mei in ûnbebingbere wreedheid, dy't it yn 't sin hawwe om him syn hoop en syn frees, de pine fan syn wurgens en syn sin oan rêst, mei geweld te ûntnaderjen: dat fan doel is om te ferpletterjen, te ferneatigjen, om alles wat er oait sjoen, kennen, leafhân, geniete of hate hat te fergriemen; alles wat kostber en needsaaklik is – sinneskyn, herinneringen, de takomst; dat fan doel is dy hele kostbere wrâld finaal foar syn eagen fuort te reagjen troch dat simpele en ferbjusterjende feit dat it him syn libben ûntnimt.

Jim waard yn it begjin fan de wike in kear útskeakele troch in fallende ra, dêr't syn Skotse kaptein letter fan sei: 'Minsken noch ta, it is in godswûnder dat er dat oerlibbe hat!', en hij brocht mannich dei langút

lizzend op syn rêch troch, yn 'e sûs, hinne en wer smiten, wanhopich, en tramtearre as troch in ûnpeilber djippe ûnrêst. It koe him neat skele hoe't dat ôfrinne soe, en yn syn mear heldere buoien joech er tefolle ta oan syn ûnferskillichheid. It gefaar, as it net sjoen wurdt, is like faach as it minsklik tinken. De frees wurdt skimich, en as de Fantasy, de fijân fan de minsken, de heit fan alle ferskrikkingen, net prikele wurdt, dan sinkt dy wei yn de gefoelloasheid fan in deawurge emoasje. Jim seach inkeld de rommel yn syn stampende hut. Hij lei dêr, stevich ûnder de tekkens, midden yn in lytse ramp, en wie stikem bliid dat er net oan dek hoefde. Mar no en dan waard er fysyk oangrepen troch in ûnbetwingbere oanfal fan eangst, sadat er ûnder de tekkens lei te hymjen en te wrotten, en dan wie er ien en al wanhopige langst om hoe dan ek te ûntsnappen oan de gewetenloaze ûnmensklikheid fan in bestean dat jo de skriklike pine fan sokke gefoelens jaan koe.

Mar it waar wie wer aardich opknapt, en hij tocht dêr net mear oer nei. Syn ynfaliditeit lykwols woe net oerbetterje, en doe't it skip yn in haven yn it oasten oanlei, moast er nei it sikehûs. Hij knapte mar heel sunich wer op, en se lieten him dêr bliuwe. Der wienen mar twa oare pasjinten op de ôfdeling foar blanken: de purser fan in kanûnearboat, dy't syn skonk brutsen hie doe't er troch in lûk fallen wie, en ien of oare spoarweioannimmer út in distrikt yn de buert, dy't besocht waard troch in mysterieuze tropise sykte, en dy't de dokter in stomme okse neamde, en himsels stikem folgeat en -iet mei wûndermiddels, o sa trou en tawijd troch syn Tamil-feintsje binnensmokkele. Se fertelden elkoar oer har libben, kaartspilen wat, of hongen de gânse dei wat op lisstuollen om sûnder ien wurd te sizzen, gapjend en yn pyama. It sikehûs stie op in hichte, en in suchtsje wyn troch de ruten, altyd wiid iepen, fierde yn dy keale keamer de sachtens mei fan de loft, de lomens fan de ierde, de betsjoenende azem fan de oriïntaalse seeën. Dy wyntsjes wienen klearebare rook, mei in suggestje fan ûneinige rêst, en de jefte fan dromen sûnder ein. Jim stoarre elke dei oer de boskjes yn de tún en oer de dakken fan de stêd hinne nei de grutte blêden fan de palmen op it strân, nei dy rede dy't as in brede dyk it oasten yn fiert – nei dy rede mei hjir en dêr, baaiend yn feestlik ljocht, weelderich begroeide eilantsjes, mei skipkes as boartersguod, mei al dy aktiviteit krekt as wie it in feestdei, mei dêrboppe de ivige sereniteit fan de loft yn it oasten en de glimkjende fredichheid fan de oriïntaalse seeën sa fier as men sjen koe.

Sa gau't er wer sûnder stok rinne koe, stapte er de stêd yn om te sjen

hoe't er thúskomme koe. Der wie op dat stuit neat te finen, en hij krige yn dy haven fanselssprekkend omgong mei manlju fan syn eigen berop. Dy bestienen út twa soarten. Guon, in pear mar en dêr komselden sjoen, libben op in mysterieuze manier, en hienen in ûnoantaaste enerzjy en it temperamint fan seerovers mei eagen fan dromers. Dy liken te libjen yn in idioat doalhof fan plannen, ferwachtingen, gefaren, en ûndernimmingen, bûten de westerse beskaving, op tsjustere plakken yn de see; en har dea wie it iennichste yn har droomde bestean dat se mei reedlike wissichheid foarelkoar krije soenen. De measten wienen manlju lykas himsels, dêr tafallich telâne kommen, dy't dêr hingjen bleaun wienen as offisier op ynlânse skippen. Dy hienen no in ôfgriis fan tsjinjen op Europese skippen, mei har dregere kondysjes, strangere opfettingen fan de plichten, en de risiko's fan oseanen mei har stoarmen. Sij wienen no ynsteld op de ivige freedsumens fan de loft en de see fan it oasten. Se mochten graach oer koarte reiskes, goede lisstuollen, grutte ynlânse bemanningen, en de ûnderskieding fan blank te wêzen. Se huveren al bij de gedachte oan swier wurk, en hienen in maklik mar nuodlik libben, altyd op it rântsjefan ûntslach, yn tsjinst fan Sinezen, Arabieren, healbloeden – se hienen de duvel sels wol tsjinje wollen, as er dat mar maklik genôch makke hie.

Se praten oan ien tried wei oer gelokjes: hoe't dy-en-dy in boat ûnder syn hoede hie lâns de Sinese kust – in sinekuere; hoe't dy ergens yn Japan in hearebaantsje hie, en dat dy it goed bij de Siamese marine hie; en oan alles wat se seinen – wat se dienen, hoe't se seagen, oan har hele persoan – koe men it weake plakje fernimme, it ferral, it fêste foarnimmen om feilich troch it bestean te loailakjen. Dat praatske stel like Jim as seelju yn it earstoan noch minder foar te stellen as skaden op de grûn. Mar njonkelytsen begûn er in sterke niget oan dy keardels te krijen, dy't it mei sa'n bytsje gefaar en ynspanning fan bûten besjoen sa skoan dwaan koenen. En stadichoan feroare syn oarspronklike minachting yn in oar gefoel; en samar ynienen liet er it idee fan nei hûs ta te gean los en akseptearde er in plak as earste sturman fan de Patna.

De Patna wie in stoomboat út dy kriten en oerâld, smel as in hazzewynhûn, en noch slimmer ferrustke as in ôftanke wetterbak. Dy wie fan in Sinees, sjartere troch in Arabier, en stie ûnder befel fan in ôffallige Dútser út New South Wales, dy't o sa graach syn geboartelân ferflokke mocht, mar sa't skynt fanwege Bismarck syn oerwinningen iderien dêr't er net bang fan wie hûnsk behandele, en him krekt as Bismarck foardie as fan bloed en izer, kombineard mei in fjoerreade noas

en in reade snor. Neidat it fan bûten en fan binnen foarsjoen wie fan in likje wytkalk, waarden sa'n achthûndert pelgrims oan board fan it skip dreaun, sa't it dêr ûnder stoom oan in houten oanlissteger lei.

Se kamen massaal oan board, oer trije gongbarten hinne, dreaun troch har geloof en de hoop op it paradys, mei in oanhâldend gestamp en geskufel fan bleate fuotten, sûnder in wurd te sizzen, of te mompeljen, of in blik oer it skouder. En ienkear út de smelle romte tusken de relings fan de gongbarten wei ferspraten se har rûnom oer it dek, nei foaren en achteren; troch de wiidiepen lûken hinne fulden se it rom fan it skip – as wetter yn in wetterbak, as wetter dat skuorren en spleten ynstroomt, as wetter stilwei oan de râne ta. Achthûndert manlju en froulju, mei har geloof en har hoop, mei har gevoelens en herinneringen, wienen sa bijelkoar kommen, út it noarden en suden, en de fierste herntsjes fan it oasten wei, rinnend oer paadsjes yn it oerwâld, rivieren ôfsakjend, yn prauwen oer ûndjipten glydskjend, yn lytse kano's fan eilân nei eilân peddeljend, ûntbearingen lijend, frjemde dingen sjend, bang fan it ûnbekende, mei ien doel. Se kamen út iensume hutsjes yn de wyldernis, út drok befolke kampongs, út doarpkjes bij de see. Op de rop fan in idee hienen se har wâlden ferlitten, har iepen plakken yn it bosk, de beskerming fan dy't oer har steld wienen, har wolfeart, har earmoed, de kriten fan har jeugd en de grêven fan heiten. Se kamen dêr, ûnder it stof, beswit, gruzich, yn foddien klaaid – sterke manlju oan it haad fan hele famyljes, meagere âlde mantsjes sûnder hoop om werom te kommen; jonge keardels sûnder frees yn de eagen en nijsgjirrich om har hinne kuerend, ferlegene lytse famkes mei lang hier oer it skouder; skrutele, alheel yn klean bewuolle froulju, mei har yn net al te skjinne holdoeken tearde slipeende berntsjes stiif yn de earms, de har fan neat bewuste pelgrims fan in geloof dat in protte fan har ferge.

'Sjoch mij dat fee ris oan,' sei de Dútse kaptein tsjin syn nije earste sturman. In Arabier, de lieder fan dy frome reis, wie de lêste dy't oan board kaam. Hij pandere stadich it dek op, kreas en ernstich yn syn wite boernoes en grutte tulbân. In rige feinten rûn achter him oan syn bagaazje te sjouwen. Doe goaiden se de trossen los en de Patna foer bij de steger wei.

It skip foer tusken twa eilantsjes troch, stiek dwersoer troch it ankerplak fan sylboaten hinne, makke in heale sirkel oan de skaadkant fan in heuvel, en gong doe deun bij in richel skomkopjende riffen lâns. De Arabier stie op de achterplecht lûdop de gebeden fan reizgers op see op

te sizzen. Hij rôp de geunst yn fan de Alderheechste foar dy reis, smeke Syn segen ôf foar it bodzjen fan de minsken en de geheime winsken fan har hart; de stoomboat stampte yn it healtsjuster troch it kalme wetter fan de see-ingte; en fier achter it pelgrimskip like in op peallen boude fjoertoer, dêr troch ûngelovigen op in ferriederlike ûndjipte delset, it skip mei har flamjend each ta te knypeagjen, krekt as hie dy de gek mei dy pelgrimreis.

Se foeren de see-ingte troch, stieken de baai oer en gongen fierder troch de 'ien-graad-noarderlingte-passaazje'. Under in serene loft gong de tocht streekrijucht fierder nei de Reade See, ûnder in loft dy't skroiede en wolkeloas wie, yn klearebare flamjende sinneskyn dy't it tinken deade, it hart beswierre, en alle oantrún ta ynspanning en enerzjy smoarde. En ûnder de sinistere pracht fan de loft bleau de see, blau en djip, stil, blak, sûnder fâld, sûnder ien rimpeltsje – sjerperich, stilsteand, dea. De Patna stiek, troch sunich sûzjend wetter, dy opljochtsjende en glêde flakte oer en wuolle yn de loft in swart lint fan rijk ôf, mei dêrachter in wyt lint fan skom dat daalk wer ferdwûn wie, as in skym fan in spoar dat troch in skym fan in stoomboat oer in libbenloaze see lutsen wie.

Elke moarn dûkte de sinne, krekt as hold er yn syn omwinteling gelikense trêd mei de fuortgong fan dy pelgrimreis, - presys op itselde plak achter it skip - mei in lûdloaze útbarsting fan ljocht wer boppe de kym út, helle har dan de middeis yn, om it konsintrearde fjoer fan syn strielen út te jitten oer de frome plannen fan de pelgrims, bij it ûndergean har foarbij te gliden, om dan jûn nei jûn mysterieus yn de see te fersinken, presys op itselde plak foar de boech fan de Patna. De fiif blanken oan board húsmannen midskips, apart fan de minsklike lading. De dekseilen dieken fan foaren nei achteren mei in wyt dak it dek ôf, en inkeld in swak gegûns, it sachte mompeljen fan droevige stimmen, ferrette de oanwêzigens fan in kliber minsken op dy grutte fjoersee fan de oseaan. Sa glieden dy dagen, stil, gleon, near, ien foar ien it ferline yn, as foelen se yn it sok fan it skip in ivich iepene ôfgrûn yn. En dat skip, iensum ûnder in sliert rijk, swart en poergleon yn in grille ûnmjitlikheid, sette syn reis beret troch, as oanfitere en skroeid troch in flamme út in himel sûnder begrutsjen.

De nachten daalden oer it skip as in segen.

HAADSTIK 3

De wrâld wie ien en al prachtich moaie stilte, en de stjerren liken mei de sereniteit fan har ljocht de ierde mei de wissichheid fan ivich duorjende feilichheid te oerjitten. In skyltsje nije moanne hong as in tin stikje skaafsel goud leech yn it westen, en de Arabise See, foar it each glêd en koel as in iisfjild, lei folslein sljucht oan de perfekte sirkel fan in tsjustere hoarizon ta. De skroef draaide soepel troch, krekt as wie dat feit in ûnderdeel fan it ûntwerp fan in feilich universum, en oan beide kanten fan de Patna omsleaten binnen har rjuchte en wikende richels twa djippe wettertearen, ûnferoarlik en somber op dy rimpelloaze opljochtsjende flakte, in pear wite skomjende draaikolken dy't sacht sûzjend útelkoar spatten, in pear weachjes, wat wetterrimpels, en wat dining dy't nei it foarbijfaren fan it skip de see in hoartsje beroerde en dan op it lêst kalm skolperjend ynsakke en úteinlik ta rêst kaam yn de lûdloaze sirkel fan wetter en loft, dêr't de swarte stip fan de bewegende skipsromp ivichduorjend yn de midden bleau.

Op de brêge waard Jim him o sa bewust fan de grutte sekerheid fan ûnbeheinde feilichheid en freedsumens dy't te lêzen stie op de stille wrâld om him hinne, lykas de wissichheid fan koesterjende leafde op de kalme tearhartichheid fan in memmegesicht. Under it tek fan de dekseilen hienen de pelgrims fan dat alles-fergjende geloof har oerjûn oan de wiisheid fan blanken en har moed, en se fertrouden op de kracht fan har ûngelovigens en de izeren romp fan har fjoerskip, en se sliepten op matsjes, tekkens, op keale planken, op elk dek, yn alle tsjustere hoekjes, bewuolle yn kleurde lapen, betearde yn smoarge fodden, mei de holle op lytse bondeltsjes fan har spullen, mei it gesicht op bûgde ûnderearmen: de manlju, de froulju, de bern; de âlden mei de jongen, de ôflibbe âlden mei de sterke jongelju – allegear gelyk yn de sliep, de broer fan de dea.

Tusken de hege sydkanten fan it skip wyndere in troch de gong fan it skip feroarsake lykmjittich sigentsje troch de lange skimerige romte en oer de rigen lizzende minsken; in pear sunich brânende flamkes yn bolle lampeglêzen hongen hjir en dêr leech ûnder de tintebalken, en yn de feale, troch in ûnophâldlik triljen fan it skip wat beverige ljochtsirkels seach er in omheechstutsen kin, twa tichte eachlidden, in donkere hân mei sulveren ringen, in meagere skonk yn skurve klean, in achteroer leunende holle, in bleate foet, in ûnbedutsen hals, as bea dy himsels

oan foar it mes. Dy't it goed dwaan koenen hienen foar har famyljes mei swiere kisten en stoffige matten in ôfskoattele plak makke; de earmen rêsten nêstelkoar, mei ûnder de holle yn touwen fêstbûn alles wat se op ierde besieten; de iensume âlde mantsjes sliepten mei oplutsen skonken op har bidmatsjes, mei de hannen oer de earen en ien earmtakke oan elke kant fan it gesicht; in heit slomme mei oplutsen skouders en de knibbels oan syn foarholle ta mistreastich nêst in jonkje mei in tizerich bosk hier, dat op syn rêch sliepend ien earm útstiek, as in befel; in fan kop ta tean mei in wyt lekken ynpakte frou, as wie it in lyk, hold yn har beide earms in neaken berntsje beet; de besittingen fan de Arabier, dy't helendal op it achterskip opsteapele wienen, foarmen in mânske ûngelikense bulte, mei in lantearne dêrboppe slingerjend, en dêrachter in grutte tizeboel fan ûndúdlike foarmen: rûnbukige koperen potten, it fuottebankje fan in leunstoel, spearblêden, de rjuchte skie fan in âld swurd dat tsjin in steapel kessens oan hong, de tute fan in tinnen kofjepot. It patintlog op de reling tinkle op geregelde tiden even foar elke ôfleine myl op dy reis fan de gelovigen. Ut dy massa sliepers riisde út en troch in swakke en berêstende sucht op, de utering fan in ûnrêstige droom; en ynienen klonken der koarte metalige lûden op út de djipten fan it skip, it kriezende skraabjen fan in koaleskeppe, it fûle slaan fan in ovendoar, as woeste ûntploffingen, krekt as wienen de manlju dy't dêrûnder har geheimsinnige dingen dienen ien en al fûle lilken; wylst de slanke hege romp fan de stoomboat evenredich trochfoer en, sûnder dat de keale mêsten hinne en wer beweegden, de hele tiid de grutte kalmte trochsnijde fan it wetter ûnder de ûntagonklike sereniteit fan de loft.

Jim trêde wat hinne en wer, en yn dy grutte stilte klonken syn stappen him o sa lûd yn de earen, krekt as waarden dy troch de wekjende stjerren wjerkeatst: syn eagen glieden oer de kym en lieken hongereich it ûnberikbere yn te stoarjen, en fernamen net it skaad fan wat te gebeuren stie. It iennige skaad op see wie it skaad fan de swarte riik dy't syn ûnbidich lint swier út de skoarstien geat, en dat dan hieltyd wer yn de loft oploste. Twa Maleiers stienen, stil en suver sûnder te bewegen, oan it stjoerrêd, wêrfan't de koperen râne út en troch yn it ovaal fan it ljocht fan it kompas opljochte. No en dan ferskynde der yn it ferljochte deel in hân, wêrfan't de swarte fingers de draaiende speaken loslieten en wer beetpakten; de skeakels fan de kettingen knarsten swier yn de groeven fan de trommel. Jim seach nei it kompas, seach om him hinne nei de ûnberikbere kym, en ruts himsels mei in lome beweging út dat him de lidden knapten, sa goed

fielde er him; en as wie er dryst makke troch dat freedsum tafriël dat der sa ûnoerwinlik útseach, hie er it gefoel dat it him neat skele koe wat him oant de ein fan syn dagen oer komme koe. Hij mike no en dan even nei in mei fjouwer punêzes fêstpjukte kaart op in leech trijepoatich tafeltsje achter de stjoerkolom. It stik papier dat de seedjipten oanjoech glânzge ûnder it ljocht fan in bolle glêslampe oan in stange, like sljucht en glêd as it glimmende wetteroerflak. Der leinen parallelle linialen en in passer op dy kaart. De posysje fan it skip dy middeis om tolve oere wie mei in swart krúske oanjûn, en de streekrjuchte line nei Perim joech de koers fan it skip oan – it paad fan de sielen nei dat hillich plak, it ûnthjit fan ferlossing, de beleaning fan in ivich libben – wylst it potlead mei syn skerpe punt boppe de Somalise kust dêr rûn en stil lei as in keale skipsra, driuwend yn de poel fan in beskut dok.

‘Wat faart er toch moai rjuchtút,’ tocht Jim ferwûndere, mei wat fan tankberens foar dy hege frede fan see en loft. Op sokke tiden tocht er inkeld oan dryste aksjes: hij mocht graach oer soks en it sukses fan syn tinkbyldige prestaasjes drome. Dat wienen de hichtepunten fan syn libben, de geheime wierheid dêrfan, de ferburgen werklikheid. Dy wienen echt wat geweldichs foar in man, hienen de sjarme fan ûnbestimtheid, en trieken mei in heroïse trêd oan syn eagen foarbij. Sij namen syn siel yn de besnijing en makken dy dronken fan de godlike toverdrank fan in ûnbeheind selsfertrouwen. Der bestie neat dat er net oankoe. Hij wie sa fergulde mei dat idee dat er glimkje moast, wylst er plichtmjittich foar him seach. En doe’t er tafallich achterom kipe, seach er de wite streep fan it sok like streekrjucht op de see lutsen as de swarte streep dy’t mei it potlead op de seekaart lutsen wie.

Der wie in gerattel fan de op en del lutsen jiske-amers troch de luchtgatten fan it stookplak te hearren, en dat tinnen gelûd warskôge him dat syn tiid der hast opsiet. Hij suchte tefreden, ek wol mei spyt dat er no de sereniteit ferlitte moast dy’t de aventoerlike frijheid fan syn gedachten oanwakkere hie. Hij wie wat slûch, en fielde in noflikke lomens troch al syn lea stromen, krekt as wie it bloed yn syn lichem waarme molke wurden. Syn kaptein wie sûnder gewach te meitsjen boppe kommen, yn pyama en mei syn jaske wiid iepensmiten. Mei in read gesicht, mar heal wekker, en it linkereach healticht, en mei it rjuchtereach stompsinnich en glêzich stoarjend, bûgde er de grouwe holle oer de seekaart en roste er slûch oer syn ribben. Dat neakene fleis hie wat obseens oer him. Syn bleat boarst glânzge sacht en fetlik, as hie er syn fet der yn de sliep útswitten. Hij sei

mei in skraberige en deadske stim wat oer it skip, wat op it raspjende lûd fan in houtfile oer in râne fan in planke like. De tear fan syn dûbel kin hong as in fêstbûne sek ticht ûnder de knieren fan syn kaak. Jim skrok, en syn antwurd wie ien en al earbied. Mar dy ûnsjogge en fleizige ferskinning, as seach er dy no foar it earst, soe er noait wer ferjitte as de inkarnaasje fan alles wat ferachtlik en leechhartich is yn de wrâld dêr't wij fan hâlde: yn ús eigen hart fertrouwe wij foar ús rêding op de minsken om ús hinne, op wat ús eagen sjugge, op de lûden dy't wij opheine, en op de lucht dy't wij sykhelje.

It tinne stadich sakjende skyltsje moanne wie no achter it tsjustere oerflak fan it wetter weiwurden, en de ivichheid achter de himel like no tichter bij de ierde kommen te wêzen. De stjerren glinsteren no helderder en de djippere somberens yn de opljochtsjende heal transparante himelkoepel lei oer de platte skiif fan de ûntrochsichtbere see. It skip beweegde sa glêd dat de minsken dat net fernimme koenen, as wie it in tichtbefolke planeet dy't mei faasje achter de swermen sinnen oan troch de tsjustere romten fan de eter sylde, en yn dy ferbjusterjende en kalme iensumheid wachte op de azem fan takomstige skepsels.

'Gleon is amper it goede wurd foar hjirûnder,' sei in stim.

Jim glimke sûnder him om te kearen. De kaptein stie ûnbeweechlik mei de brede rêch nei him ta: it wie in trúk fan dy hufter om kâldwei te bearen datst net bestiest, behalve as it him sa útkaam om him mei in ferwoeste blik om te draaien en dan in bats fliberige skelwurden oer dij út te stoarten as in gjalp smoargens út in rioel. No grânzge er inkeld; de twadde masinist boppe oan de ljedder fan de brêge stie mei wiete hânpalmen yn in goare switlape te knipen. Hij wie net fan 't stik brocht en gong fierder mei syn klachten. De seelju hienen it mar maklik hjirboppe, en wêr't dy op de wrâld goed foar wienen dat mocht joast witte. Dy earne stumpers fan masinisten moasten mar op ien of oare manier it skip fierder helpe, en de rest kaam dan ek noch ris foar har op. Fergemy noch ta, dy ...

'Hâld dij de toet,' grommele de Dútser sûnder him dêrom te bekroadzjen.

'O ja, bek ticht, hê! En as der wat misgiet, dan drave jim nei ús ta, toch?' gong de oare fierder. Hij wie no wol sawat gearsmoard yn dy gleonte, tocht er. Mar hoe dan ek, it koe him gjin sprút skele hoe swier't er sûndige, want de lêste trije dagen hie er in prachtkursus folge foar it plak dêr't de ûndogense jonges hinne geane as se dea binne – krimmenikus,